

PERSBERICHT

Nummer: 063/BD
Datum: 20-04-2021

Inzet groen gas voor Friese energievraag onderzocht

Een kwart tot de helft van de warmtevraag in Fryslân kan uit groen gas komen. Dat blijkt uit een onderzoek naar de potentie van groen gas. Provinciale Staten vroegen om het onderzoek om duidelijk te krijgen welke bijdrage groen gas kan leveren aan de nodige energietransitie in Fryslân. Woensdag 21 april bespreekt PS de Regionale Energiestrategie, waarin staat hoe Fryslân wil verduurzamen.

Het onderzoek geeft antwoord op de vraag in hoeverre groen gas kan bijdragen aan de regionale warmtetransitie. Met andere woorden: hoeveel groen gas kan gemaakt worden met de in Friesland aanwezige biograndstoffen? In het bijzonder is daarbij gekeken naar de bijdrage die monomestvergisting kan leveren. De uitkomsten van het rapport schetsen ons vier scenario's. Het rapport vormt een belangrijke bouwsteen voor het debat in Provinciale Staten over de RES, maar ook voor de uitwerking van de warmtetransitievisie in de Friese gemeenten.

Scenario's

De Regionale Structuur Warmte - Fryslân gaat er van uit dat in 2030 nog **16.275 TJ** nodig is voor de gebouwde omgeving. Afhankelijk van de techniek en beleid kan minimaal **29%** en maximaal **47%** van de gebouwde omgeving in Friesland verwarmd worden met groen gas. 26% hiervan is afkomstig van mest. In het geval van hybride verwarming halveert de groen gas vraag waardoor deze percentages kunnen verdubbelen.

De technische haalbaarheid van groen gas is een ander vraagstuk dan de sociale en ruimtelijke inpassing van deze opwekmethode. De beoordeling van dergelijke projecten is aan gemeenten en de provincie. Niet elk project is dan ook per definitie uitvoerbaar.

Voor verdere uitwerking en verdieping verwijzen we u graag naar het rapport op fryslan.frl

Nûmer: 063/BD

Datum: 20 april 2021

Ynset Grien gas foar Fryske enerzjyfraach ûndersocht

In fjirdepart oant de helte fan de waarmtefraach yn Fryslân kin út grien gas komme. Dat docht bliken út in ûndersyk nei de potinsje fan grien gas. Provinsjale Steaten fregen om it ûndersyk om dúdlik te krijen hokker bydrage oft grien gas leverje kin oan de enerzjytransysje dy't yn Fryslân nedich is. Woansdei 21 april bepraat PS de Regionale Enerzjystrategie, dêr't yn stiet hoe't Fryslân duorsumer wurde wol.

It ûndersyk jout antwurd op de fraach yn hoefier't grien gas bydrage kin oan de regionale waarmtetransysje. Mei oare wurden: hoefolle grien gas kin makke wurde mei de yn Fryslân oanwêzige biogrûnstoffen? Yn it bysûnder is dêrby sjoen nei de bydrage dy't monodongfergêsting leverje kin. De útkomsten fan it rapport sketse ús fjouwer senario's. It rapport foarmet in wichtige boustien foar it debat yn Provinsjale Steaten oer de RES, mar ek foar de útwurking fan de waarmtetransysjefisy yn de Fryske gemeenten.

Senario's

De Regionale Struktuer Waarmte – Fryslân giet derfan út dat yn 2030 noch **16.275 TJ** nedich is foar de beboude omjouwing. Ofhinklik fan de technyk en it belied kin op syn minst **29%** en op syn meast **47%** fan de beboude omjouwing yn Fryslân mei grien gas ferwaarme wurde. 26% dêrfan komt út dong. Yn it gefal fan hybride ferwaarming giet de helte fan de fraach nei grien gas derôf, wêrtroch't dy persintaazjes ferdûbelje kinne.

De technyske helberens fan grien gas is in oar fraachstik as de sosjale en romtlike ynpassing fan dizze metoade fan opwekken. De beoardieling fan sokke projekten is oan gemeenten en de provinsje. Net alle projekten binne dan ek perfoarst útfierber.

Foar fierdere útwurking en ferdjipping ferwize wy jo graach nei it rapport op fryslan.frl